


## Rûteplanner Spoar 8 groep 6 - Frysk

De Rûteplanner wiist dy it paad  
troch dyn Fryske lessen!





# Rûte groep 6

oersjoch fan lesmominten en ûnderdielen

lesmomint	type	titel/ynhâld	(haad)doelen*
1	Taalaktiviteit	In dei yn myn wike - De learlingen meitsje in stripferhaal.	Lêzen A1 Skriuwen A1
2	GRIP	FoarFrisia - wurdskattoets	
3	Stavering en Skriuwen	y en i (koart) en Meunstertún	
4	Boekles	It ferbeane boek - ideeën yn de lesbrief	Harkjen A1/A2 Lêzen A1/B1 Yn petear A1/A2
5, 6, 7, 8	Projekt	Praat mar Toaniel - Pudding Tarzan - Toaniellêze en -spylje. Mei yndividuele opdrachten. Tema: Wa bin ik/wat past by my?	Lêzen A2/B1 Yn petear B1
9	Stavering en Skriuwen	ii en i (lang) en Meunstertún	
10	Taalaktiviteit en observaasje	Alfabetposter - De learlingen meitsje in meartalige alfabetposter. - It observaasjeinstrumint 'Mûnling oerlis' kin ynset wurde.	Yn petear A2
11, 12, 13, 14	Projekt	Fan idee nei útfiering - De learlingen meitsje in tekening mei ynformaasje út in tekst. Mei yndividuele opdrachten.	Lêzen A2/B1
15	Stavering en Skriuwen	aa en ai en Meunstertún	
16	Boekles	De kening fan Juster - ideeën yn de lesbrief	Harkjen A1/A2 Lêzen A1/A2 Yn petear A1/A2

lesmomint	type	titel/ynhâld	(haad)doelen*
17, 18, 19, 20	Projekt	Eefkes yn it waar sjen - De learlingen meitsje en presintearje in eigen waarberjocht. Mei yndividuele opdrachten.	Skriuwen A2/B1 Harkjen A2/B1 Sprekken B1
21	Stavering en Skriuwen	ue, u en ú en Meunstertún	
22	Taalaktiviteit	Nei de merke - De learlingen dogge ûndersyk nei in attraksje op de merke en presintearje harren befiningen.	Yn petear A2 Sprekken A2
23, 24, 25, 26	Projekt	Om de tonne - De learlingen meitsje in ynformaasje poster oer in Fryske sport. Mei yndividuele opdrachten.	Skriuwen A2
27	Stavering en Skriuwen	kapkes en Meunstertún	
28	Taalaktiviteit	Wat is it hjir moai! - De learlingen betinke in rûte lâns bysûndere dingen yn harren buert.	Yn petear A2 Sprekken A2 Skriuwen A2
29	Grip	Lêsbegryp - toets ein groep 6	
30	Stavering en Skriuwen	ei en Meunstertún	

-  Taalaktiviteit
-  Projekt
-  Lêsaktiviteit: Boekpromoasje
-  Stavering en skriuwen
-  Evaluaasjemomint

\* Oan dizze taaldomeinen en nivo's wurdt meinammen wurke. De doelen en nivo's kinne per groep en sels per learling ferskille. Tips hjirfoar wurde jûn yn de hantliedingen by de ûnderdielen. Om't taal altyd oer mear giet as de taal, wurdt ek wurke oan doelen foar oare fakgebieten.

## Taalaktiviteiten

# 1 In dei yn myn wike

Hantlieding foar de learkrêft

De learlingen meitsje in stripferhaal fan ien dei út harren wike.

### Tiidpaad

50 minuten (nei de útlis kinne de learlingen op ferskillende mominten selsstannich oan harren stripferhaal wurkje).

### Doelen

Mei dizze Taalaktiviteit wurdt wurke oan de folgjende doelen:

- De learlingen kinne harren eigen dei beskriuwe en ferwurkje yn in stripferhaal (Skriuwen/A1/Kin wat oer him-/harsels of oaren opskriuwe).
- De learlingen kinne de stripferhalen fan harren klasgenoaten belibjend lêze (Lêzen/A1/Kin in yndruk krije fan teksten, foaral as der fisuele stipe by is en Lêzen/A2/Kin fiksje en literatuer belibjend lêze).

Oare doelen dêr't mei dizze taalaktiviteit ek oan wurke wurde kin, wurde neamd by 'Differinsjaasje'.

### Tarieding

- De learlingen hawwe papier en tekenark nedich. In grutter fel papier jout mear romte om te tekenjen en te skriuwen.
- Gean op syk nei stripferhalen as foarbyld en besjoch ek alfêst de Fryske stripferhalen dy't te finen binne by dizze Taalaktiviteit yn Spoar 8.
- Lês de beskriuwing en 'differinsjaasje' by dizze taalaktiviteit en kies nivo \*, \*\* of \*\*\* foar de learlingen yn jim groep.

### Beskriuwing

1. Yntroduksje fan de opdracht.

Fertel de learlingen dat se in Frysk stripferhaal fan ien dei út harren wike meitsje sille. Net in dei is itselde. Dochs lykje de dagen ek wol wer opinoar, want guon dingen steane ommers alle wiken of alle dagen wer op de planning. Fan ien dei út harren wike meitsje de learlingen in stripferhaal.

2. Praat oer de wike.

Lit de learlingen mei harren skoudermaatsje oerlizze watfoar dingen hieltyd wer weromkomme yn de planning. Ynventarisearje dêrnei koart in pear antwurden.

3. Lit in foarbyld sjen fan in Frysk stripferhaal.

By de taalaktiviteit binne twa stripferhalen te finen. It giet dêryn net oer in dei yn in wike, mar se binne wol in goed foarbyld fan hoe't der skreaun en tekene wurdt yn in stripferhaal. It stripferhaal oer Grutte Pier is fan in gemiddeld nivo (\*\*), it stripferhaal oer

Joast Hiddes Halbertsma is dreech (\*\*\*) , mar yn de tekstballonnen en yn de fjouwerkante stikjes tekst stiet wol mear detaillearre ynformaasje en dat makket dat stripferhaal in geskikt foarbyld. Stean stil by praat- en tinkwolkjes, fjouwerkante tekstfakken mei oanfoljende ynformaasje en wurden sa as 'rommeldebom' en 'kraak', dy't brûkt wurde yn de tekening om dúdlik te meitsjen dat der tonger en min waar is.

#### 4. De opdracht

Lit de learlingen in dei útsykje dêr't in protte oer te fertellen is. Se kinne earst in listje meitsje fan alles wat der op dy dei gebeurt. Lit de learlingen yn harren list oanjaan watfoar dingen se brûke sille foar it stripferhaal (se kinne dingen skrasse, mar miskien kinne se ek wol mear fakjes foar ien aktiviteit brûke). Lit de learlingen yn elk gefal 6 fakjes ynfolje oer harren dei. Mear mei ek (sjoch 'differinsjaasjedoelen'). Yn de fakjes skriuwe se Fryske teksten. Ek sette se yn de fakjes de tiid dy't derby heart en betinke se in titel by harren stripferhaal. Wiis de learlingen derop dat se gebrûk meitsje kinne fan it wurdboek foar lestige Fryske wurden (bgl. [www.frysker.nl](http://www.frysker.nl)). De learlingen skriuwe en tekenje harren stripferhaal.

#### 5. Besprek de opdracht nei.

Freegje hoe't it gien is, koene se de aktiviteiten fan de dei yn de fakjes kwyt? Wiene der tefolle fakjes of krekt te min? Hoe hawwe de learlingen dat oplost? Slagge it mei it brûken fan it Frysk?

#### 6. Lit de bern elkoars stripferhaal besjen en lêze.

Binne der ek aktiviteiten dy't yn in protte ferhalen weromkomme? En watfoar dingen komme net faak foar? Binne der bysûndere ferhalen en bysûndere dagen by? Hawwe de learlingen ek hiele grappige of krekt fertrietlike dingen lêzen? Wat makket in stripferhaal leuk om te lêzen?

### Differinsjaasje

Yn de beskriuwing binne trije nivo's oanjûn wêrop't wurke wurde kin yn dizze aktiviteit. Wat mear stjerkes it nivo, wat mear doelen oft oan wurke wurdt. De doelen fan nivo \* wurde automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt. De ekstra doelen fan nivo \*\* en \*\*\* wurde net automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt. Om ynsjoch te krijen yn de ûntwikkeling fan de yndividuele learlingen kinne de observaasjeinstruminten brûkt wurde. Sjoch it kopke 'Evaluasje'.

- Nivo \*: De learlingen skriuwe koarte feitlike sinnen oer harren dei en lêze de sinnen yn de stripferhalen fan oaren. Se wurkje oan de doelen dy't boppe dizze taalaktiviteit steane.
- Nivo \*\*: De learlingen skriuwe koarte sinnen dy't fertelle wat der bart op de dei en jouwe dêrby mear detaillearre ynformaasje. As der op dit nivo wurke wurdt, dan wurdt der ek noch wurke oan it doel Skriuwen/B1/Kin mieningen, gefoelens en reaksjes op foarfallen beskriuwe en Skriuwen/B1/Kin ûnderfiningen en yndrukken beskriuwe.
- Nivo \*\*\*: De learlingen skriuwe petearkes yn sinnen yn tekstwolkjes en brûke aparte tekstfakjes om mear ynformaasje te jaan. As der op dit nivo wurke wurdt, dan wurdt der mear útwreide wurke oan it doel Skriuwen/B1/Kin mieningen, gefoelens en reaksjes op foarfallen beskriuwe.

Der kin ek differinsjearre wurde troch mear of minder fakjes foar it stripferhaal te brûken.

As de learlingen yndividueel it stripferhaal meitsje, kin derfoar keazen wurde om dochs

wurkgroepkes te meitsjen op basis fan thústaal en taalnivo. Elk makket syn eigen stripferhaal, mar learlingen dy't help nedich hawwe, kinne steun fine by learlingen út harren wurkgroepke.

Stimulearje de learlingen om yn it oerlis oer de opdracht Frysk mei-inoar te praten, om sa te wurkjen oan de 'yn petear'-doelen. Daagje Frysktalige learlingen út om harren taal fêst te hâlden, ek as sy gearwurkje mei learlingen dy't net Frysktalich binne. Op dy manier helpe sy net-Frysktalige learlingen by it harkjen nei en ferstean fan it Frysk.

Kombinearje dizze taalaktiviteit mei oare fakken. Tink bygelyks oan kreatyf skriuwen (hoe makkest in ferhaal leuk om te lêzen? Hoe begjint in ferhaal en hoe kin it einigje?) of oan tekenjen.

### **Mear by dit tema**

- Wurdlist 'Aginda'.
- Fragmint út Tsjek: 'Striptekenje'
- Fragmint út Tsjek: 'Gûchem oer tekenjen'
- Dizze en mear materialen dy't by it tema passe, binne te finen yn de Temateek by de tema's 'Uterje dysels' en 'Safolle minsken, safolle gewoanten'. Tip: brûk it sykfjild.

### **Evaluaasje**

By dizze taalaktiviteit kin it observaasjeinstrumint 'skriftlik ferslach' ynset wurde. As der yn wurkgroepkes wurke wurdt (sjoch 'differinsjaasje'), dan kin it observaasjeinstrumint 'mûnling oerlis' ynset wurde. Meitsje in kar om learlingen yndividueel te observearjen of as groepke.

Brûk de observaasje om de ûntjouwing fan de learlingen te folgjen en as feedback nei de learlingen ta. As guon items net yn te folgjen binne, lit dy dan leech.

## 2 Frisia Foartoets

Hantlieding foar de learkrêft

Mei de Frisiatoetsen krigest grip op de Fryske wurdskat en grammatika. Brûk de toetsen om in yndruk te krijen fan it ynstapnivo én de fuortgong fan de learlingen. Dat kin helpe om it Fryske les oanbod op de learling(en) ôf te stimmen.

### Foar wa?

- De Foar Frisia is geskikt foar groep 5 en 6 yn it basisûnderwiis, vmbo-bb/kb yn it fuortset ûnderwiis en net-Frysktalige learlingen.

### Organisaasje

De toets bestiet út 25 fragen en duorret 15-30 minuten. Fan de fjouwer antwurden is der hieltyd ien antwurd goed.

*Let op: lit nei it ôfnimmen fan de toets nét de goede antwurden oan de learlingen sjen. Oars kin de toets net brûkt wurde foar in ferfolchmjitting. Jou dêrom allinnich oan wat it persintaazje goede antwurden is of it referinsjenivo.*

### Evaluasje

It persintaazje goede antwurden kin omset wurde nei in referinsjenivo út it referinsjeramt Frysk.

0-25% < A1.1 (betsjut dat in learling hast neat of in tafallich feitsje fan it Frysk wit.)

26-52% A1.1 (betsjut dat in learling yn alle gefallen in pear losse dingen fan it Frysk ken, lykas telwurden, groeten, de dagen fan de wike en sa fierder.)

53-80% A1.2 (betsjut dat in learling ûnderweis is nei A1.2+/A2)

81-100% > A1.2+/A2 (betsjut dat in learling ûnderweis is om koarte teksten oer maklike ûnderwerpen mei frekwinte wurden út de sprektaal te begripen.)

It is hiel bot fan de taalachtergrûn fan de learling(en) en it taalgebiet fan de skoalle ôfhinklik wat in akseptabel nivo is.

De Frisia Foartoets is te finen by de learmiddelen yn Spoar 8. Klik op 'GRIP' yn it linker menu en kies dan foar Frisiatoetsen - Frisia Foartoets. Klik op de knop 'Ynplanne' rjochtsboppe om de toets klear te setten foar de learlingen.



Stavering en skriuwen

## 3 De letters y en i

Hantlieding foar de learkrêft

Yn dizze les leare de learlingen de staveringsregels dy't by de letter y en i hearre. Se oefenje mei staveringsopdrachten en skriuwe in koarte tekst.

### Regels

De regels dy't by de y en i hearre binne:

- Wy skriuwe in y as it koarte lûd opsletten sit.
- Wy skriuwe in i as it koarte lûd iepen is.
- Stiet it y-lûd oan de ein? Dan skriuwe wy in y.

### Tarieding

- Soargje derfoar dat de apparatuer klear stiet dêr't de learlingen de les op meitsje kinne.
- Nim de les sels fan te foaren troch. De les is te finen by de learmiddelen yn Spoar 8. Klik by Meunstertún op 'Oefenmateriaal Stavering' en kies 'De letters y en i'.
- Plan de les yn foar de learlingen troch op de knop 'Ynplanne' rjochtsboppe te klikken.

### Beskriuwing

1. Yntrodusearje de regel. Dat kin troch klassikaal it begjin fan de les op it digiboerd te besjen.
2. De learlingen geane selsstanning oan de slach mei de opdrachten.
3. As de opdrachten klear binne, kinne de learlingen oan 'e slach mei de edukative game 'Meunstertún' oer wurdskat, stavering en grammatika.

### Differinsjaasje

- As it dreech is om selstannich oan it wurk te gean mei de opdrachten, kinne de opdrachten ek yn in twatal makke wurde of lit learlingen dy't mear ynstruksje nedich hawwe mei-inoar by de ynstruksjetafel sitte.

### Let op!

It learen fan de stavering stiet yn tsjinst fan it skriuwen fan teksten. De staveringslessen hawwe ta doel dat learlingen harren better fertroud fiele mei it skriuwen fan Fryske teksten en dat de kwaliteit fan dy eigenskreaune Fryske teksten omheech giet.

Ferbyn staveringslessen sa folle mooglik oan teksten. Lit de learlingen geregeld sels teksten sels skriuwe en keppelje dêroan it oefenmateriaal foar de stavering. Wiis learlingen by it skriuwen en neisjen fan de tekst nochris op de staveringsregels dêr't sy mei oefene hawwe.

## Sichtber yn 'e klasse

### Wurdlist letters y en i

knyn	kninen
wyt	bile
sinneskyn	diken
july	wike
taksy	bite

### By it skriuwen fan teksten

#### De skriuwopdracht

Dizze opdracht kin hielendal los oanbean wurde fan boppesteande staveringsles.

- Kies in kreative opdracht en fertel de learlingen dat sy yn it Frysk skriuwe sille. As learlingen harren net fertroud fiele ('ik kin net Frysk skriuwe') wiis harren der dan op dat it giet om it kreative proses en de ynhâld fan de tekst en yn earste ynstânsje net om de korrekte stavering. Sjoch 'Differinsjaasje' foar mear mooglikheden.
- Lit de learlingen earst in breinstoarm dwaan. Wêr tinke se oan by it ûnderwerp en de opdracht? Wat wolle se brûke yn harren ferhaal? Lit se in kladferzje meitsje fan harren tekst.
- As de learlingen tefreden binne oer de earste ferzje fan de tekst, kinne sy nei de stavering sjen. Wat hawwe sy oefene yn de staveringsles? Is dat yn de tekst ek goed gien? Lit se der eventueel mei syn twaën nei sjen. Ferbetterje de flaters en skriuw de lêste ferzje fan de tekst.
- De teksten binne klear! Suggestjes: Lit de learlingen de tekst oan elkoar foarlêze, meitsje fan de teksten in boekje, bewarje de teksten yn in ferhaleskrift, publisearje de teksten yn de skoalkrante of yn in nijsbrief nei âlders of hingje de teksten op yn 'e klasse. Dit is fansels ek ôfhinklik fan de soarte tekst dy't skreaun is.

#### Differinsjaasje

As it skriuwen yn it Frysk dreech is, lit de learlingen dan yn twatalen wurkje. Frysktalige learlingen kinne net-Frysktalige learlingen helpe mei de Fryske wurdskat, talige learlingen kinne minder talige learlingen helpe mei it linich omgean mei wurden en sinnen en kreative learlingen kinne minder kreative learlingen helpe mei ideeën en foarmen.

As net alle learlingen harren fertroud fiele mei it skriuwen yn it Frysk, kinne (guon) learlingen de skriuwopdracht ek yn harren eigen taal dwaan (Nederlânsk of in oare taal). Lit de learlingen dy't it ferhaal net yn it Frysk skreaun hawwe de tekst oersetten mei help fan ynternet. De website [www.frysker.nl](http://www.frysker.nl) hat de mooglikheid om teksten oer te setten fan it Nederlânsk yn it Frysk. Lit de learlingen de Fryske ferzje opskriuwe of útprintsje. Lit se yn de Fryske tekst op syk gean nei wurden dy't passe by de staveringsregel dêr't sy mei oefene hawwe.

Boekles

## 4 It ferbeane boek

Hantlieding foar de learkrêft

De learlingen lêze út it boek 'It ferbeane boek' fan Hanneke de Jong, prate dêr mei-inoar oer en dogge (in oantal) bypassende aktiviteiten út de lesbrief. De lesbrief is makke troch Lida Dykstra.

### Tiidpaad

- Ofhinklik fan de kar fan de aktiviteiten

### Doelen

- De learlingen ûntdekke de wrâld yn boeken en ha wille by it lêzen en mei-inoar bepraten fan it boek.
- De learlingen kinne (evt. mei help fan de yllustraasjes) it ferhaal begripe (Harkjen A1/A2 - Kin in ienfâldich foarlêzen of ferteld ferhaal begripe / Lêzen A1 - Kin in yndruk krije fan teksten, foaral as dêr fisuele stipe by is).
- De learlingen kinne mei-inoar prate oer it ferhaal (Yn petear A1 - Kin ynformaasje freegje of jaan / Yn petear A2 - Kin sizze wat hy/sy derfan fynt).

### Tarieding

- Soargje foar in eksimplaar fan it boek 'It ferbeane boek'. De lêskonsulint fan de biblioteek kin dêr eventueel by helpe, of bestel it boek yn de websjop fan de Afûk.
- Lês sels (dielen út) it boek, sadat de ynhâld bekend is.
- Lês de lesbrief yn de Taalaktiviteit 'Boekles: It ferbeane boek' goed troch en meitsje in kar út de aktiviteiten.
- Binne der materialen nedich foar de keazen aktiviteiten? Lis dy dan alfêst klear.

### Beskriuwing

- In beskriuwing fan de opdrachten is te finen yn de lesbrief yn dizze Taalaktiviteit yn Spoar 8.

### Differinsjaasje

- Omgong mei net-Frysktalige learlingen  
De learlingen op A1-nivo meie it Nederlânsk as fiertaal brûke, de learlingen op wei nei A2-nivo besykje Fryske wurden te brûken en learlingen op A2-nivo dogge it yn it Frysk. Stimulearje de net-Frysktalige learlingen om fêste Fryske útdrukkingen ('chunks') te brûken as se it petear net goed folgje kinne. Foarbylden dêrfan binne: kinst dat noch in kear sizze?, ik begryp it net, kinst it noch in kear útlizze of kinst dat ek nochris in kear yn it Nederlânsk sizze?

- **Taalstipe**  
Set drege wurden oer nei it Nederlânsk of lit Frysktalige learlingen dat dwaan. Brûk de yllustraasjes as stipe by de tekst troch dingen oan te wizen.
- **Meartalichheid**  
Freegje learlingen mei in oare thústaal as Frysk of Nederlânsk oft sy faakfoarkommende wurden ek yn harren thústaal kenne. Tink bgl. oan de wurden 'lêze', 'boek', 'ferbean' en 'skriuwe'. Meitsje de wurden sichtber troch se op te skriuwen.

Projekten

## 5, 6, 7 en 8 Praat mar Toaniel - Pudding Tarzan

Hantlieding foar de learkrêft

De learlingen spylje in haadstik út it 'Praat mar Toaniel'-stik 'Pudding Tarzan'. Dêrfoar lêze se earst de tekst fan it stik troch en tinke se nei oer de rollen. Se spylje in haadstik foar de klasse of nimme in haadstik op. De toanielboekjes binne te bestellen yn de Taalplan-websjop.

Tip: Dit projekt is populêr; tsjek foar it ynplannen fan dit projekt de websjop om te sjen oft de toanielboekjes noch beskikber binne! Of brûk de pdf fan it toanielboekje, dy't te finen is by 'Ekstra' yn dit Projekt yn Spoar 8.

### Doelen

Mei dit Projekt wurdt wurke oan de folgjende doelen.

#### Lêzen

- (op wei nei) A2: Fertelling, ferhaal - Kin fiksje en literatuer belibjend lêze.
- (op wei nei) B1: Fertelling, ferhaal - Kin de beskriuwing fan foarfallen, gefoelens en winsken begripe.
- (op wei nei) B1: Fertelling, ferhaal - Kin fiksje en literatuer werkennend lêze.
- (op wei nei) B1: Beskriuwing, ferklearring – Kin de belangrike punten begripe.
- (op wei nei) B1: Ynstruksje – Kin dúdlik skreaune ynstruksjes begripe.

### Yn petear

- (op wei nei) B1: Fertelle - Kin sizze wat hy/sy fielt.
- (op wei nei) B1: Fertelle - Kin op gefoelens fan oaren reagearje.

Neist it wurkjen oan taaldoelen kinst mei dit projekt ek hiel goed wurkje oan sosjaal-emosjonele tema's lykas bygelyks 'ferwachtingen', 'wa bin ik' of 'derby hearre'.

### Tarieding

- Iepenje it Projekt yn Spoar 8. Klik troch de Projektopdracht en de Nivo-opdrachten om dy te ferkennen.
- Bestel de boekjes fan it 'Praat mar Toaniel'-stik 'Pudding Tarzan' foar de learlingen fia de Taalplan-websjop. Of brûk de pdf fan it toanielboekje, dy't te finen is by 'Ekstra' yn dit Projekt yn Spoar 8. Lês it toanielstik troch foar de start fan it projekt. It toanielstik is yn it Frysk.
- Tink nei oer jim doel foar dit projekt. Jim kinne wurkje oan de taaldoelen en de útfiering fan it toanielstik, mar jim kinne der ek foar kieze om it stik (ek) te brûken om oan sosjaal-emosjonele tema's te wurkjen. Lis dêr dan de klam op yn de ferskillende stappen.
- Ferdiel de groep yn heterogene groepkes op basis fan thústaal en taalnivo. Betink fan

tefoaren oft de learlingen sels harren haadstik kieze meie of dat se in sêne tawiisd krije. Sjoch ek by 'differinsjaasje'.

- Tink nei oer de útfiering. Foar it wurkjen oan de doelen is it net nedich om it hiele stik te spyljen. Der kin in seleksje makke wurde út de haadstikken en it kin sels hiel goed wêze dat mear groepkes itselde haadstik spylje. Wolle jim dochs it hiele stik spylje, dan moat der neitocht wurde oer wa't wat spilet. En oft der dan miskien ek publyk oanwêzich wêze mei.
- Soargje foar in geskikte romte om de haadstikken te spyljen. Of, as jim de haadstikken fan tefoaren opnimme: soargje foar romte en apparatuer om de sênes op te nimmen. Tink dan ek oan mooglikheden om de film ôf te spyljen yn de klasse.

## Beskriuwing

### 1. De útlis

Iepenje mei de learlingen de 'Utlis' fan dizze projektopdracht en lês dy mei-inoar troch.

### 2. Lês it 'Praat mar Toaniel'-stik 'Pudding Tarzan'.

Lês allinne de haadstikken, en net de ferwurkingen en de 'witsto dat...' by de haadstikken. It giet earst om it ferhaal. De ferwurkingen komme yn de nivo-opdrachten oan 'e oarder. Stel de harkfraach: wa is Iwan Olsen? Wat fynt syn heit fan him en wat fine de bern op skoalle? Wat fynt Iwan fan himsels? Feroaret dat yn 'e rin fan it ferhaal?

Lêzen is it haaddoel fan dit projekt. Besteegje dêr dus benammen oandacht oan. Besjoch mei de learlingen hoe't de tekst derútsjocht. Achter de namme fan in karakter stiet de tekst dy't dat karakter seit. Dy namme hoechst net te lêzen, lês allinne de tekst dy't echt sein wurdt. As dat kin, lit de tekst dan al yn rollen lêze. Under alle haadstikken stiet in wurdlist mei de drege wurden út de tekst.

Praat mei de learlingen oer it toanielstik. Iwan is net stoer en net sterk. Hy is ek net linich en hy kin net goed lêze. Wat fine de learlingen fan Iwan? Hy mei in winsk dwaan. Fine de learlingen dat Iwan in goede winsk dien hat?

### 3. Ferdiel de klasse yn groepkes.

De groepkes kieze mei-inoar in haadstik út dat se spylje wolle by de útfiering fan dit projekt. Wiis de groepkes op de 'Tarieding' fan de projektopdracht.

Dêr fine se tips om te brûken by de tarieding op it spyljen fan it stik.

### 4. It oefenjen

Meitsje ôfspraken oer it oefenjen. Fertel de learlingen hoefolle tiid se hawwe om te oefenjen en wêr en wannear't se oefenje meie. Praat ôf wannear't de útfiering plakhawwe sil. Beslút mei-inoar oft de learlingen harren haadstik live spylje of dat se de sêne opnimme. Begelied de groepkes by it oefenjen, as dat nedich is.

Tink dêrby oan help by de planning, de Fryske tekst en it oanklaaien fan it stik.

### 5. De nivo-opdrachten

Lit de learlingen de nivo-opdrachten by it projekt meitsje. De nivo-opdrachten binne ferdjipjende (taal)opdrachten by it projekt. Learlingen binne dêrby oan 'e slach mei wurdskat oefeningen, teksten en filmkes dy't ynhâldlik passe by dit projekt. Learlingen dy't minder goed thús binne yn it Frysk kinne wurkje oan de giele opdrachten, en learlingen dy't better thús binne yn it Frysk kinne wurkje oan de blauwe opdrachten. Giele en blauwe opdrachten binne basearre op itselde boarnemateriaal en de eventuele útlis en it neibesprekken fan de opdrachten kin tagelyk plakfine.

6. Fier de projektopdracht út.  
Splylje de sênes. Kies in goede folchoarder. Praat nei de útfiering mei de learlingen oer it projekt. Under 'Útfiering' steane in oantal fragen dy't dêrby helpe kinne.
7. Lit de learlingen de selsevaluaasje ynfolje.  
De selsevaluaasjes binne te finen by 'Ekstra' yn dit Projekt.

### **Differinsjaasje**

- Lit de bern sels de haadstikken kieze of wiis haadstikken ta oan de groepkes. It 'Praat mar Toaniel'-stik is sa opboud dat de toaniel-haadstikken ôfwiksele wurde mei ferhaal-haadstikken. Yn de toaniel-haadstikken wurde rollen oanjûn. De ferhaal-haadstikken wurde ferteld of foarlêzen. It iene haadstik hat mear tekst en dregere tekst as it oare. As learkrêft kinst derfoar kieze om in haadstik út te sykjen foar de learlingen, sadat learlingen dy't mear muoite hawwe mei it Frysk de minder drege haadstikken krije.
- Der kin foar keazen wurde om mei de presintaasje de teksten út 'e holle te spyljen of se foar te lêzen. Of lêse de ferhaal-haadstikken foar en spylje de toaniel-haadstikken út 'e holle.
- Moedigje de learlingen oan om net allinne yn it Frysk te lêzen en te spyljen, mar ek yn it Frysk oer te lizzen oer de sêne. Frysktalige learlingen kinne sa learlingen dy't net Frysktalich binne op in natuerlike wize helpe mei it ferstean en praten fan it Frysk. Learlingen foar wa't de praatdrompel noch te heech is, meie yn it oerlis it Nederlânsk brûke.
- Bied taalstipe oan de net-Frysktalige learling. Set drege wurden en/of sinnen oer. Stypje it begryp ek mei byld (yllustraasjes of bgl. it foardwaan fan bewegingen). Tsjek hieltyd oft de lêzen tekst begrepen is.

### **Mear by it tema**

- By dit Projekt is de wurdlist 'Praat mar Toaniel - Pudding Tarzan' makke. Dy is te finen by 'Ekstra' yn dit Projekt yn Spoar 8.
- Lêse in tekst oer iepenloftspullen.
- Besjoch in fragmint út Tsjek oer it meidwaan oan in iepenloftspul.
- Mear materialen oer teäter en iepenloftspul of oer emoasjes binne te finen yn de Temateek by it tema 'Uterje dysels!'.

### **Evaluaasje**

Nei de útfiering fan de projektopdracht kinne de learlingen in selsevaluaasje oer de opdracht ynfolje. De selsevaluaasje kin yn it Frysk of yn it Nederlânsk ynfold wurde.

De observaasjeinstruminten 'Mûnling oerlis – yndividueel' en 'Mûnling oerlis – de groep' kinne brûkt wurde om ûnôfhinklik de taalûntwikkeling op it mêd fan mûnling oerlis yn kaart te bringen.

It ynstrumint 'Mûnlinge presintaasje' jout ynsjoch yn de feardichheden op it mêd fan presintearjen.

De observaasjeinstruminten binne te finen ûnder 'Ekstra' by dit projekt yn Spoar 8.

## 9 De letters ii en i

Hantlieding foar de learkrêft

Yn dizze les leare de learlingen de staveringsregels dy't by de letter y en i hearre. Se oefenje mei staveringsopdrachten en skriuwe in koarte tekst.

### Regels

De regels dy't by de ii en i hearre binne:

- As de lange y opsletten sit, skriuwe wy ii.
- Wy skriuwe in i as it lange lûd iepen is.

### Tarieding

- Soargje derfoar dat de apparatuer klear stiet dêr't de learlingen de les op meitsje kinne.
- Nim de les sels fan te foaren troch. De les is te finen by de learmiddelen yn Spoar 8. Klik by Meunstertún op 'Oefenmateriaal Stavering' en kies 'De letters ii en i'.
- Plan de les yn foar de learlingen troch op de knop 'Ynplanne' rjochtsboppe te klikken.

### Beskriuwing

1. Yntrodusearje de regel. Dat kin troch klassikaal it begjin fan de les op it digiboerd te besjen.
2. De learlingen geane selsstanning oan de slach mei de opdrachten.
3. As de opdrachten klear binne, kinne de learlingen oan 'e slach mei de edukative game 'Meunstertún' oer wurdskat, stavering en grammatika.

### Differinsjaasje

- As it dreech is om selstannich oan it wurk te gean mei de opdrachten, kinne de opdrachten ek yn in twatal makke wurde of lit learlingen dy't mear ynstruksje nedich hawwe mei-inoar by de ynstruksjetafel sitte.

### Let op!

It learen fan de stavering stiet yn tsjinst fan it skriuwen fan teksten. De staveringslessen hawwe ta doel dat learlingen harren better fertroud fiele mei it skriuwen fan Fryske teksten en dat de kwaliteit fan dy eigenskreaune Fryske teksten omheech giet.

Ferbyn staveringslessen sa folle mooglik oan teksten. Lit de learlingen geregeld sels teksten sels skriuwe en keppelje dêroan it oefenmateriaal foar de stavering. Wiis learlingen by it skriuwen en neisjen fan de tekst nochris op de staveringsregels dêr't sy mei oefene hawwe.



## Sichtber yn 'e klasse

### Wurdlist letters y en i

wiid	wide
tsiis	lige
bliid	wize
tiid	tige
priis	pipen

### By it skriuwen fan teksten

#### De skriuwopdracht

Dizze opdracht kin hielendal los oanbean wurde fan boppesteande staveringsles.

- Kies in kreative opdracht en fertel de learlingen dat sy yn it Frysk skriuwe sille. As learlingen harren net fertroud fiele ('ik kin net Frysk skriuwe') wiis harren der dan op dat it giet om it kreative proses en de ynhâld fan de tekst en yn earste ynstânsje net om de korrekte stavering. Sjoch 'Differinsjaasje' foar mear mooglikheden.
- Lit de learlingen earst in breinstoarm dwaan. Wêr tinke se oan by it ûnderwerp en de opdracht? Wat wolle se brûke yn harren ferhaal? Lit se in kladferzje meitsje fan harren tekst.
- As de learlingen tefreden binne oer de earste ferzje fan de tekst, kinne sy nei de stavering sjen. Wat hawwe sy oefene yn de staveringsles? Is dat yn de tekst ek goed gien? Lit se der eventueel mei syn twaën nei sjen. Ferbetterje de flaters en skriuw de lêste ferzje fan de tekst.
- De teksten binne klear! Suggestjes: Lit de learlingen de tekst oan elkoar foarlêze, meitsje fan de teksten in boekje, bewarje de teksten yn in ferhaleskrift, publisearje de teksten yn de skoalkrante of yn in nijsbrief nei âlders of hingje de teksten op yn 'e klasse. Dit is fansels ek ôfhinklik fan de soarte tekst dy't skreaun is.

#### Differinsjaasje

As it skriuwen yn it Frysk dreech is, lit de learlingen dan yn twatalen wurkje. Frysktalige learlingen kinne net-Frysktalige learlingen helpe mei de Fryske wurdskat, talige learlingen kinne minder talige learlingen helpe mei it linich omgean mei wurden en sinnen en kreative learlingen kinne minder kreative learlingen helpe mei ideeën en foarmen.

As net alle learlingen harren fertroud fiele mei it skriuwen yn it Frysk, kinne (guon) learlingen de skriuwopdracht ek yn harren eigen taal dwaan (Nederlânsk of in oare taal). Lit de learlingen dy't it ferhaal net yn it Frysk skreaun hawwe de tekst oersetten mei help fan ynternet. De website [www.frysker.nl](http://www.frysker.nl) hat de mooglikheid om teksten oer te setten fan it Nederlânsk yn it Frysk. Lit de learlingen de Fryske ferzje opskriuwe of útprintsje. Lit se yn de Fryske tekst op syk gean nei wurden dy't passe by de staveringsregel dêr't sy mei oefene hawwe.

## 10 Alfabetposter

Hantlieding foar de learkrêft

De learlingen prate oer meartalichheid en meitsje in meartalige alfabetposter.

### Tiidpaad

45 minuten. De aktiviteit kin ek yn twaen knipt wurde.

### Doelen

Mei dizze Taalaktiviteit wurdt wurke oan de folgjende doelen:

- De learlingen prate mei-inoar oer de talen dy't sy thús prate en de talen dy't sy kenne (Yn Petear/A2/Kin persoanlike ynformaasje freegje of jaan).
- De learlingen meitsje mei-inoar in plan foar de poster en fiere dat út (Yn Petear/A2/Kin in plan of idee foarlizze en beprate en ôfspraken meitsje).

Oare doelen dêr't mei dizze taalaktiviteit ek oan wurke wurde kin, wurde neamd by 'Differinsjaasje'.

### Tarieding

- Iepenje de Taalaktiviteit en besjoch de ferskillende ûnderdielen.
- Tink nei oer de foarm fan de poster. Per letter kin in fêst format brûkt wurde, sa as yn it foarbyld by de taalaktiviteit. Der kin ek keazen wurde foar in eigen ûntwerp.
- Tink nei oer de groepkes dêr't de learlingen yn gearwurkje sille. Om it oerlizzen yn it Frysk te stimulearjen, kin it helpe om de Frysktalige learlingen te ferdielen oer de groepkes.
- De learlingen hawwe papier en skriuw- en tekenark nedich.

### Beskriuwing

1. Praat mei de learlingen oer ferskillende talen.

Watfoar talen kenne de learlingen? Watfoar talen prate se thús? Hoefolle ferskillende talen wurde der yn jim klasse praten? Lit de ferskillende talen ek hearre yn de klasse en skriuw in oantal moaie wurden op (of lit se troch learlingen opskriuwe).

2. De opdracht

Fertel de learlingen dat se in meartalige alfabetposter meitsje sille. Witte de learlingen wat in alfabetposter is? Dat is in poster mei it alfabet derop. Op de poster dy't de learlingen meitsje sille, stiet by elke letter in Frysk wurd, mei in ôfbylding fan dat wurd. By de letter 'F' kin bygelyks de ôfbylding fan in fûgel stean. In foarbyld is te finen by de taalaktiviteit.

De alfabetposter dy't de learlingen meitsje sille, is meartalich. It is de bedoeling dat der hieltyd minimaal twa oersettingen fan it Fryske wurd yn oare talen by komme te stean. De wurden yn de oare talen kinne fansels mei in oare letter begjinne: 'fûgel' is bygelyks yn it Nederlânsk 'vogel' en yn it Ingelsk 'bird'. Dy wurden steane dan op de poster allegear

by de 'F' fan it Fryske wurd 'fûgel'. Foar nivo \* en \*\* is it betinken fan in los Frysk wurd by de letter foldwaande. Foar nivo \*\*\* meitsje de learlingen by de letter in Fryske sin mei dêryn in oantal wurden mei dyselde letter. Foarbyld foar de 'F': 'It fleurige famke seach de fûgel en de flinter fleanen.' Op de poster komt de sin boppe-oan en de losse wurden yn de ferskillende talen komme dêrûnder. Tip: kies foar de alfabetposter wurden dêr't in dúdlik plaatsje by past. It wurd 'fûgel' is bygelyks geskikter as it wurd 'fantastysk'.

3. Lit de learlingen yn groepkes oerlizze oer de te brûken talen.  
De bern besykje dit yn it Frysk te dwaan. Kieze se foar Nederlânsk as ien fan de talen? Of Ingelsk? Of kieze se foar oare talen dy't troch klasgenoaten thús praten wurde? Yn dat gefal: wolle sy miskien mear as twa ekstra talen brûke? Praat mei de learlingen oer wat sy betocht hawwe en kies mei-inoar de te brûken talen.
4. Hoe sjocht it derút?  
Tink mei de learlingen nei oer hoe't de poster derút komt te sjen. Hoe sjocht ien letter derút? Brûke jim it foarbyld-format of betinke jim jim eigen format? Hoe wurdt op de poster dúdlik om watfoar talen oft it giet?
5. Praat oer it Fryske alfabet.  
It Fryske alfabet liket in hiel soad op it Nederlânske alfabet, mar is krekt eefkes oars. Op it foarbyld fan de alfabetposter (te finen by de taalaktiviteit yn Spoar 8) kinst dat sjen. Der binne gjin Fryske wurden dy't begjinne mei in 'C', in 'Q', in 'V', in 'X' of in 'Z'. Dy letters hoege dus ek net op de poster.
6. Betinke en meitsje  
Ferdiel de letters oer de groepkes learlingen. Yn de groepkes wurdt oerlein oer geskikte wurden. As learlingen help nedich hawwe by de Fryske wurden, dan kinne se elkoar helpe of kinne se gebrûk meitsje fan [www.frysker.nl](http://www.frysker.nl). Foar de wurden yn oare talen kinne learlingen klasgenoaten freegje dy't dy taal goed kenne of op ynternet sykje, bygelyks mei help fan Google Translate. By de wurden wurdt ek in geskikte yllustraasje makke of socht.
7. De resultaten  
Besjoch mei de learlingen de letters. Foar nivo \* kin it hjir holden wurde by it besjen fan wat de learlingen by de letters betocht hawwe. Lit de wurden foarlêze troch de learlingen. Koe elkenien de Fryske wurden? En datselde wurd yn de oare talen? Foar nivo \*\* fertelle de learlingen yn it Frysk wat mear oer harren wurd(en). Hoe kamen se op dat wurd? Wat betsjut it? Wat kinne se mear oer it wurd fertelle? Foar nivo \*\*\* lêze de learlingen harren sin foar en fertelle oer hoe't se de wurden en sinnen betocht hawwe.
8. Neiprate  
Praat mei-inoar oer de folgjende fragen: Hoe wie it om in alfabetposter te meitsjen? Lykje de wurden yn de ferskillende talen ek opelkoar? Koene jim alle Fryske wurden? Wat fine jim it moaiste wurd? Wêrom is dat wurd moai? Komt it fan de betsjutting fan it wurd of fan de klank of noch wat oars? Yn watfoar taal is dat wurd?
9. Hingje de alfabetposter op.  
De learlingen kinne sa de ferskillende wurden yn de ferskillende talen nochris lêze en besjen.

### Differinsjaasje

Yn de beskriuwing binne trije nivo's oanjûn wêrop't wurke wurde kin yn dizze aktiviteit. Wat mear stjerkes it nivo, wat mear doelen oft oan wurke wurdt. De doelen fan nivo \* wurde automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt. De ekstra doelen fan nivo \*\* en \*\*\* wurde

net automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt. Om ynsjoch te krijen yn de ûntwikkeling fan de yndividuele learlingen kinne de observaasjeinstruminten brûkt wurde. Sjoch it kopke 'Evaluasje'.

- Nivo \*: de learlingen prate yn it Frysk oer meartaligens en lizze yn it Frysk oer oer de opdracht. Sy skriuwe allinne losse wurden op de poster. Dan wurdt der wurke oan de doelen sa as hjirboppe neamd.
- Nivo \*\*: de learlingen lizze yn it Frysk oer oer de opdracht en fertelle oer de wurden dy't se keazen en útwurke hawwe. Dan wurdt der ek wurke oan it doel Sprekken/A2/Kin yn it koart beskriuwe hoe't hy/sy wat dwaan of meitsje moat of hoe't wat wurket.
- Nivo \*\*\*: de learlingen lizze yn it Frysk oer oer de opdracht en fertelle oer de wurden dy't se keazen en útwurke hawwe. Se skriuwe by harren letter in goede Fryske sin mei safolle mooglik wurden dy't begjinne mei dy letter. Der wurdt dan ek wurke oan it doel Skriuwen/A2/Kin in ienfâldich ferhaal of gedicht skriuwe.

Moedigje de learlingen oan om mei-inoar yn it Frysk oer te lizzen oer de opdracht, ek as net alle learlingen Frysktalich binne. Frysktalige learlingen kinne sa learlingen dy't net-Frysktalich binne op in natuerlike wize helpe mei it ferstean en praten fan it Frysk.

Om de meartaligens fan de groep ek bûten de poster sichtber te meitsjen, kinne der meartalige wurdkaartsjes hongen wurde by foarwerpen yn de klasse.

By de alfabetposter kinne ek safolle mooglik Fryske wurden mei deselde letter betocht wurde.

### **Mear by dit tema**

- Wurdlist 'Meartaligens'.
- Tekst: 'Wat in talen!'
- Filmke: 'Taal yn Nij Seelân'
- Dizze en mear materialen dy't by it tema passe, binne te finen yn de Temateek by de tema's 'Brûk dyn taal!'.

### **Evaluasje**

Yn de stappen 1 en 4 kin it observaasjeinstrumint 'Mûnling oerlis' ynset wurde. De observaasjeinstruminten binne te finen by 'Evaluasje' by sizze Taalaktiviteit yn Spoar 8.

Meitsje in kar om learlingen yndividueel te observearjen of as groepke.

Brûk de observaasje om de ûntjouwing fan de learlingen te folgjen en as feedback nei de learlingen ta. As guon items net yn te folgjen binne, lit dy dan leech.

Projekten

## Fan idee nei útfiering

Hantlieding foar de learkrêft

Alle bouprojekten begjinne mei in goed idee. Mar hoe witte de minsken dy't it bouwe moatte no presys wat de betinker yn 'e holle hat? Troch de tekening! Yn de projektopdracht wurkje de learlingen in idee foar in nije skoalle út yn in tekening. Dêrfoar moatte se út in koarte tekst de ynformaasje helje dy't se nedich hawwe.

### Doelen

Oan ûndersteande doelen wurdt wurke yn de projektopdracht fan dit tema. Dy doelen wurde ek oanfinkt yn it referinsjeramt.

*Lêzen*

- (op wei nei) A2 - Kin yn ienfâldige, alledeiske teksten spesifike, foarsisbere ynformaasje helje dy't hy/sy nedich hat
- (op wei nei) B1 - Kin de belangrike punten begripe

### Tarieding

- Klik troch de Projektopdracht en de Nivo-opdrachten om dy te ferkennen.
- De Projektopdracht wurket oan doelen op it mêd fan lêzen. Lês de teksten fan de Utfiering alfêst troch. Betink hoe't de learlingen hjirmei oan de slach geane. Lêze se de teksten sels of lêze jim de teksten mei-inoar?
- Tink nei oer de útfiering. De learlingen meitsje in tekening. Watfoar materialen meie se dêrfoar brûke? Fertelle se ek noch wat oer harren tekeningen?

### Beskriuwing

1. Iepenje mei de learlingen de 'Utlis' fan de Projektopdracht.  
Lês dy mei-inoar troch en praat oer de bou. Wat witte de learlingen dêr al fan? Wurdt der by jim yn 'e buert ek boud?
2. Praat mei de learlingen oer it útfieren fan de opdracht.  
Meie de learlingen de teksten al foar de útfiering fan de opdracht lêze? Dogge se dat allinne of mei-inoar? Watfoar materialen meie se brûke foar de útfiering? Hoe presintearje se harren tekening? Wurde de tekeningen bygelyks ophongen yn de klasse of fertelle de learlingen der wat oer?
3. Lit de learlingen de nivo-opdrachten by it projekt meitsje.  
De nivo-opdrachten binne ferdjipjende (taal)opdrachten by it projekt. Learlingen binne oan 'e slach mei wurdskat oefeningen, teksten en filmkes dy't ynhâldlik passe by dit projekt. Der binne giele opdrachten foar de learlingen dy't minder thús binne yn it Frysk en blauwe opdrachten foar learlingen dy't better thús binne yn it Frysk. Giele en blauwe opdrachten binne basearre op itselde boarnemateriaal en kinne eventueel tagelyk útlein of besprutsen wurde.

4. Fier de Projektopdracht út.  
Begelied de learlingen as dat nedich is. Tink dêrby oan help by it lêzen fan de teksten en it heljen fan belangrike ynformaasje út de tekst om de tekening meitsje te kinnen. De teksten biede in soad romte om eigen kreativiteit in plak te jaan.
5. Praat nei de útfiering oer de opdracht.  
Hoe is it gien? Under 'Utfiering' yn de projektopdracht steane in oantal fragen dy't dêrby helpe kinne.
6. Lit de learlingen de selsevaluaasje ynfolje. De selsevaluaasjes binne te finen by 'Ekstra' yn dit projekt.

### **Differinsjaasje**

- As de learlingen al goed Frysk lêze kinne, kinne se de teksten sels lêze. Der kin ek foar keazen wurde om de learlingen de teksten tegearre lêze te litten, sadat se steun oaninoar ha kinne. Of lêse de teksten mei de groep. Undúdlikheden kinne dan yn de groep besprutsen wurde en sa ha learlingen dy't minder thús binne yn it Frysk steun oan de Frysktalige learlingen.
- Om it tema fan it projekt noch tichter by de learlingen te bringen, kin in besite brocht wurde oan in bouplak yn 'e buert. Meitsje dêrfoar in ôfspraak mei de útfierder fan it bouprojekt. De útfierder kin ek útnûge wurde yn de klasse om wat te fertellen oer syn of har wurk.
- De útfiering fan it projekt kin bestean út it meitsjen en besjen fan de tekeningen. Der kin ek foar keazen wurde om de learlingen fertelle te litten oer harren tekeningen. Sa wurdt ek wurde oan taaldoen op it mêd fan sprekken en harkjen
- 

### **Evaluaasje**

Nei de útfiering fan de projektopdracht kinne de learlingen in selsevaluaasje oer de opdracht ynfolje. De selsevaluaasje kin yn it Frysk en yn it Nederlânsk makke wurde. De selsevaluaasjes binne te finen ûnder 'Ekstra' yn dit projekt.

Stavering en skriuwen

## De letters ai en aai

Hantlieding foar de learkrêft

Yn dizze les leare de learlingen de staveringsregels dy't by de letters aai/ai hearre. Se oefenje mei staveringsopdrachten en skriuwe in koarte tekst.

### Regels

De regels dy't by de ai/aai hearre binne:

- Wurden mei ai/aai moast út e holle leare.

### Tarieding

- Soargje derfoar dat de apparatuer klear stiet dêr't de learlingen de les op meitsje kinne.
- Nim de les sels fan te foaren troch. De les is te finen by de learmiddelen yn Spoar 8. Klik by Meunstertún op 'Oefenmateriaal Stavering' en kies 'De letters ai/aai.'
- Plan de les yn foar de learlingen troch op de knop 'Ynplanne' rjochtsboppe te klikken.

### Beskriuwing

1. Yntrodusearje de regel. Dat kin troch klassikaal it begjin fan de les op it digiboerd te besjen.
2. De learlingen geane selsstanning oan de slach mei de opdrachten.
3. As de opdrachten klear binne, kinne de learlingen oan 'e slach mei de edukative game 'Meunstertún' oer wurdskat, stavering en grammatika.

### Differinsjaasje

- As it dreech is om selstannich oan it wurk te gean mei de opdrachten, kinne de opdrachten ek yn in twatal makke wurde of lit learlingen dy't mear ynstruksje nedich hawwe mei-inoar by de ynstruksjetafel sitte.

### Let op!

It learen fan de stavering stiet yn tsjinst fan it skriuwen fan teksten. De staveringslessen hawwe ta doel dat learlingen harren better fertroud fiele mei it skriuwen fan Fryske teksten en dat de kwaliteit fan dy eigenskreaune Fryske teksten omheech giet.

Ferbyn staveringslessen sa folle mooglik oan teksten. Lit de learlingen geregeld sels teksten sels skriuwe en keppelje dêroan it oefenmateriaal foar de stavering. Wiis learlingen by it skriuwen en neisjen fan de tekst nochris op de staveringsregels dêr't sy mei oefene hawwe.

## Sichtber yn 'e klasse

### Wurdlist letters ai/aai

aaïen	pappegaai
kraaie	draaie
swaaie	maaie
haaien	maitiid
klaai	laitsje

### By it skriuwen fan teksten

#### De skriuwopdracht

Dizze opdracht kin hielendal los oanbean wurde fan boppesteande staveringsles.

- Kies in kreative opdracht en fertel de learlingen dat sy yn it Frysk skriuwe sille. As learlingen harren net fertroud fuele ('ik kin net Frysk skriuwe') wiis harren der dan op dat it giet om it kreative proses en de ynhâld fan de tekst en yn earste ynstânsje net om de korrekte stavering. Sjoch 'Differinsjaasje' foar mear mooglikheden.
- Lit de learlingen earst in breinstoarm dwaan. Wêr tinke se oan by it ûnderwerp en de opdracht? Wat wolle se brûke yn harren ferhaal? Lit se in kladferzje meitsje fan harren tekst.
- As de learlingen tefreden binne oer de earste ferzje fan de tekst, kinne sy nei de stavering sjen. Wat hawwe sy oefene yn de staveringsles? Is dat yn de tekst ek goed gien? Lit se der eventueel mei syn twaën nei sjen. Ferbetterje de flaters en skriu de lêste ferzje fan de tekst.
- De teksten binne klear! Suggestjes: Lit de learlingen de tekst oan elkoar foarlêze, meitsje fan de teksten in boekje, bewarje de teksten yn in ferhaleskrift, publisearje de teksten yn de skoalkrante of yn in nijsbrief nei âlders of hingje de teksten op yn 'e klasse. Dit is fansels ek ôfhinklik fan de soarte tekst dy't skreaun is.

#### Differinsjaasje

As it skriuwen yn it Frysk dreech is, lit de learlingen dan yn twatallen wurkje. Frysktalige learlingen kinne net-Frysktalige learlingen helpe mei de Fryske wurdskat, talige learlingen kinne minder talige learlingen helpe mei it linich omgean mei wurden en sinnen en kreative learlingen kinne minder kreative learlingen helpe mei ideeën en foarmen.

As net alle learlingen harren fertroud fuele mei it skriuwen yn it Frysk, kinne (guon) learlingen de skriuwopdracht ek yn harren eigen taal dwaan (Nederlânsk of in oare taal). Lit de learlingen dy't it ferhaal net yn it Frysk skreaun hawwe de tekst oersetten mei help fan ynternet. De website [www.frysker.nl](http://www.frysker.nl) hat de mooglikheid om teksten oer te setten fan it Nederlânsk yn it Frysk. Lit de learlingen de Fryske ferzje opskriuwe of útprintsje. Lit se yn de Fryske tekst op syk gean nei wurden dy't passe by de staveringsregel dêr't sy mei oefene hawwe.



## 16. De kening fan Juster

Hantlieding foar de learkrêft

De learlingen lêze út it boek 'De kening fan Juster' fan Paul van Dijk, prate dêr mei-inoar oer en dogge (in oantal) bypassende aktiviteiten út de lesbrief.

### Tiidpaad

- Ofhinklik fan de kar fan de aktiviteiten

### Doelen

- De learlingen ûntdekke de wrâld yn boeken en ha wille by it lêzen en mei-inoar bepraten fan it boek.
- De learlingen kinne (evt. mei help fan de yllustraasjes) it ferhaal begripe (Harkjen A1/A2 - Kin in ienfâldich foarlêzen of ferteld ferhaal begripe / Lêzen A1 - Kin in yndruk krije fan teksten, foaral as dêr fisuele stipe by is).
- De learlingen kinne mei-inoar prate oer it ferhaal (Yn petear A1 - Kin ynformaasje freegje of jaan/ Yn petear A2 - Kin sizze wat hy/sy derfan fynt).

### Tarieding

- Soargje foar in eksimplaar fan it boek 'De kening fan Juster'. De lêskonsulint fan de bibliotheek kin dêr eventueel by helpe, of bestel it boek yn de websjop fan de Afûk.
- Lês sels (in diel fan) it boek.
- Lês de lesbrief by 'De kening fan Juster' goed troch en meitsje in kar út de aktiviteiten. As net it hiele boek (foar)lêzen wurdt, kies dan in stik út it boek dat past by de keazen aktiviteit(en).
- Binne der materialen nedich foar de keazen aktiviteiten? Lis dy dan alfêst klear.

### Beskriuwing

- It plak  
As de learkrêft foarlêst út it boek, soargje dan foar in plak dêr't alle learlingen goed meitsjen kinne. Foarlêze yn lytse groepkes stimulearret de belutsenheid fan de learlingen en befoarderet de lêswille.  
De learlingen kinne it boek ek sels lêze. Dat kin yndividueel, yn twatallen of yn groepkes.
- It boek  
Besjoch mei-inoar it boek oan 'e hân fan de suggestjes yn de lesbrief. Freegje nei it lêzen: Wat fûnst moai/leuk? Wat fûnst net sa moai/leuk? Wat soest noch witte wolle? Wiene der ek dingen dy't hieltyd weromkamen? Dat binne fragen út de 'Vertel eens'-manier fan Aiden Chambers. De fragen stimulearje it neitinken en praten oer it ferhaal en de yllustraasjes.

- De aktiviteiten  
Kies ien of mear aktiviteiten út de lesbrief en doch dy mei de klasse.

## Differinsjaasje

- Omgong mei net-Frysktalige learlingen  
De learlingen op A1-nivo meie it Nederlânsk as fiertaal brûke, de learlingen op wei nei A2-nivo besykje Fryske wurden te brûken en learlingen op A2-nivo dogge it yn it Frysk. Stimulearje de net-Frysktalige learlingen om fêste Fryske útdrukkingen ('chunks') te brûken as se it petear net goed folgje kinne. Foarbylden dêrfan binne: kinst dat noch in kear sizze?, ik begryp it net, kinst it noch in kear útlizze of kinst dat ek nochris in kear yn it Nederlânsk sizze?
- Taalstipe  
Set drege wurden oer nei it Nederlânsk of lit Frysktalige learlingen dat dwaan. Brûk de yllustraasjes as stipe by de tekst troch dingen oan te wizen.
- Meartalichheid  
Freegje learlingen mei in oare thústaal as Frysk of Nederlânsk oft sy de wurden foar 'kening', 'pake' en 'mystearje' yn har eigen thústaal kenne. Meitsje de wurden sichtber troch se op te skriuwen.

## Mear by dit tema

Yn de Temateek, by it tema 'Uterje dysels!', binne mear materialen te finen oer dit tema.

## Projekten

# 17, 18, 19, 20. Eefkes yn it waar sjen

Hantlieding foar de learkrêft

It waar is alle dagen oars. Minsken wolle altyd graach witte wat it waar docht, sadat se harren plannen dêrop oanpasse kinne. Yn de projekttopdracht meitsje de learlingen in waarberjocht en presintearje dat oan de klasse.

### Doelen

Oan ûndersteande doelen wurdt wurke yn de projekttopdracht fan dit tema. Dy doelen wurde ek oanfinkt yn it referinsjeramt.

### Skriuwen

- (op wei nei) B1 - Kin feitlike ynformaasje gearfetsje

### Harkjen

- (op wei nei) A2 - Kin oankundigingen of in koarte útlis begripe
- (op wei nei) B1 - Kin koarte praatsjes begripe

### Sprekken

- (op wei nei) B1 - Kin in helder ferhaal fertelle
- (op wei nei) B1 - Kin in heldere beskriuwing jaan
- (op wei nei) B1 - Kin details taljochtsje, saken útlizze en taljochtsje

### Tarieding

- Klik troch de Projekttopdracht en de Nivo-opdrachten om dy te ferkennen.
- Tink nei oer hoe't de learlingen oan 'e slach geane. Ferdiel de klasse yn heterogene groepkes fan twa of trije learlingen op basis fan thústaal en taalnivo. Net-Frysktalige learlingen kinne steun hawwe oan de Frysktalige learlingen.
- Besjoch sels in oantal waarberjochten om in yndruk te krijen fan hoe't in waarberjocht derútsjen kin.
- Tink nei oer de presintaasje. Dogge de learlingen dat 'live' foar de klasse of nimme se harren waarberjocht op en wurde de filmkes sjen litten by de útfiering fan it projekt?

### Beskriuwing

1. Iepenje mei de learlingen de 'Utlis' fan de Projekttopdracht.  
Lês dy mei-inoar troch en praat oer it waar en oer waarberjochten. Wat witte de learlingen dêr al fan? Wat wolle minsken dy't nei it waarberjocht sjogge graach witte? Wat binne fêste ûnderdielen fan in waarberjocht? Lit eventueel in foarbyld sjen.
2. Wiis de learlingen op it ûnderdiel 'Tarieding' fan de Projekttopdracht.

Dêr fine se tips foar it útfieren fan de opdracht. Besjoch de 'Tarieding' eventueel mei de learlingen.

3. Praat mei de learlingen oer it útfieren fan de opdracht.  
Mei wa sille se de opdracht dwaan? Wurdt it in 'live' presintaasje foar de klasse of in filmke? Wa soarget foar de materialen dy't de learlingen eventueel nedich hawwe?
4. Meitsje ôfspraken oer de planning.  
Wannear moat it waarberjocht klear wêze?
5. Begelied de learlingen as dat nedich is.  
Tink dêrby oan wat der allegear yn in waarberjocht sitte moat, it ferdielen fan de taken, it betinken fan Fryske sinnen foar de presintaasje, it opnimmen fan it waarberjocht of it tarieden fan de presintaasje.
6. Lit de learlingen de nivo-opdrachten by it projekt meitsje.  
De nivo-opdrachten binne ferdjipjende (taal)opdrachten by it projekt. Learlingen binne oan 'e slach mei wurdskatoefeningen, teksten en filmkes dy't ynhâldlik passe by dit projekt. Der binne giele opdrachten foar de learlingen dy't minder thús binne yn it Frysk en blauwe opdrachten foar learlingen dy't better thús binne yn it Frysk. Giele en blauwe opdrachten binne basearre op itselde boarnemateriaal en kinne eventueel tagelyk útlein of besprutsen wurde.
7. Presintearje de Projektopdracht.  
De learlingen presintearje harren waarberjocht of litte harren waarberjocht sjen.
8. Praat nei de útfiering oer de opdracht.  
Hoe is it gien? Under 'Utfiering' yn de projektopdracht steane in oantal fragen dy't dêrby helpe kinne.
9. Lit de learlingen de selsevaluaasje ynfolje.  
De selsevaluaasjes binne te finen by 'Ekstra' yn dit projekt.

### **Differinsjaasje**

- Lit de learlingen gearwurkje yn heterogene groepkes op basis fan thústaal en taalnivo. Binnen de groepkes kinne taken ferdield wurde. Stimulearje de learlingen yn de groepkes om allegear in part fan de presintaasje yn it Frysk te dwaan.
- De learlingen meitsje in plan foar it waarberjocht. As Frysk skriuwen lestich is, kin de tekst fan it waarberjocht yn it Nederlânsk útskreaun wurde. De presintaasje is yn it Frysk. Mear oandacht foar it Frysk skriuwen? Lit de learlingen it waarberjocht yn it Frysk útskriuwe.
- As jim djipper yngean wolle op hoe't in waarfoarsizzing ta stân komt, kin in pleatslike waaramateur dêr miskien yn de klasse wat oer fertelle. As de gast Frysk praat, wurkest dêrmei ek noch oan taaldoelen op it mêd fan harkjen.

### **Evaluaasje**

Nei de útfiering fan de projektopdracht kinne de learlingen in selsevaluaasje oer de opdracht ynfolje. De selsevaluaasje kin yn it Frysk en yn it Nederlânsk makke wurde. De selsevaluaasjes binne te finen ûnder 'Ekstra' yn dit projekt.

It observaasjeinstrumint 'Mûnlinge presintaasje' kin brûkt wurde om ûnôfhinklik de taalûntwikkeling op it mêd fan mûnling taalgebrûk yn in presintaasje yn kaart te bringen. Dat observaasjeinstrumint is te finen ûnder 'Ekstra' yn dit projekt.

Stavering en skriuwen

## De letters u en ú

Hantlieding foar de learkrêft

Yn dizze les leare de learlingen de staveringsregels dy't by de letters u en ú hearre. Se oefenje mei staveringsopdrachten en skriuwe in koarte tekst.

### Regels

De regels dy't by de u en ú hearre binne:

- Wy skriuwe in ú as er opsletten sit.
- In iepen u ferliest syn streekje.
- Oan e ein fan in wurd krijst altyd in u.

### Tarieding

- Soargje derfoar dat de apparatuer klear stiet dêr't de learlingen de les op meitsje kinne.
- Nim de les sels fan te foaren troch. De les is te finen by de learmiddelen yn Spoar 8. Klik by Meunstertún op 'Oefenmateriaal Stavering' en kies 'De letters u en ú.'
- Plan de les yn foar de learlingen troch op de knop 'Ynplanne' rjochtsboppe te klikken.

### Beskriuwing

1. Yntrodusearje de regel. Dat kin troch klassikaal it begjin fan de les op it digiboerd te besjen.
2. De learlingen geane selsstanning oan de slach mei de opdrachten.
3. As de opdrachten klear binne, kinne de learlingen oan 'e slach mei de edukative game 'Meunstertún' oer wurdskat, stavering en grammatika.

### Differinsjaasje

- As it dreech is om selstannich oan it wurk te gean mei de opdrachten, kinne de opdrachten ek yn in twatal makke wurde of lit learlingen dy't mear ynstruksje nedich hawwe mei-inoar by de ynstruksjetafel sitte.

### Let op!

It learen fan de stavering stiet yn tsjinst fan it skriuwen fan teksten. De staveringslessen hawwe ta doel dat learlingen harren better fertroud fiele mei it skriuwen fan Fryske teksten en dat de kwaliteit fan dy eigenskreaune Fryske teksten omheech giet.

Ferbyn staveringslessen sa folle mooglik oan teksten. Lit de learlingen geregeld sels teksten sels skriuwe en keppelje dêroan it oefenmateriaal foar de stavering. Wiis learlingen by it skriuwen en neisjen fan de tekst nochris op de staveringsregels dêr't sy mei oefene hawwe.

## Sichtber yn 'e klasse

### Wurdlist letters ai/aai

tún	skruten
nút	tuten
thús	ruten
snút	tunen
menu	sju

### By it skriuwen fan teksten

#### De skriuwopdracht

Dizze opdracht kin hielendal los oanbean wurde fan boppesteande staveringsles.

- Kies in kreative opdracht en fertel de learlingen dat sy yn it Frysk skriuwe sille. As learlingen harren net fertroud fiele ('ik kin net Frysk skriuwe') wiis harren der dan op dat it giet om it kreative proses en de ynhâld fan de tekst en yn earste ynstânsje net om de korrekte stavering. Sjoch 'Differinsjaasje' foar mear mooglikheden.
- Lit de learlingen earst in breinstoarm dwaan. Wêr tinke se oan by it ûnderwerp en de opdracht? Wat wolle se brûke yn harren ferhaal? Lit se in kladferzje meitsje fan harren tekst.
- As de learlingen tefreden binne oer de earste ferzje fan de tekst, kinne sy nei de stavering sjen. Wat hawwe sy oefene yn de staveringsles? Is dat yn de tekst ek goed gien? Lit se der eventueel mei syn twaën nei sjen. Ferbetterje de flaters en skriu de lêste ferzje fan de tekst.
- De teksten binne klear! Suggestjes: Lit de learlingen de tekst oan elkoar foarlêze, meitsje fan de teksten in boekje, bewarje de teksten yn in ferhaleskrift, publisearje de teksten yn de skoalkrante of yn in nijsbrief nei âlders of hingje de teksten op yn 'e klasse. Dit is fansels ek ôfhinklik fan de soarte tekst dy't skreaun is.

#### Differinsjaasje

As it skriuwen yn it Frysk dreech is, lit de learlingen dan yn twatallen wurkje. Frysktalige learlingen kinne net-Frysktalige learlingen helpe mei de Fryske wurdskat, talige learlingen kinne minder talige learlingen helpe mei it linich omgean mei wurden en sinnen en kreative learlingen kinne minder kreative learlingen helpe mei ideeën en foarmen.

As net alle learlingen harren fertroud fiele mei it skriuwen yn it Frysk, kinne (guon) learlingen de skriuwopdracht ek yn harren eigen taal dwaan (Nederlânsk of in oare taal). Lit de learlingen dy't it ferhaal net yn it Frysk skreaun hawwe de tekst oersetten mei help fan ynternet. De website [www.frysker.nl](http://www.frysker.nl) hat de mooglikheid om teksten oer te setten fan it Nederlânsk yn it Frysk. Lit de learlingen de Fryske ferzje opskriuwe of útprintsje. Lit se yn de Fryske tekst op syk gean nei wurden dy't passe by de staveringsregel dêr't sy mei oefene hawwe.

## 22. Nei de merke!

Hantlieding foar de learkrêft

De learlingen dogge in ûndersyk nei in attraksje fan de merke en presintearje dat oan de klasse.

### Tiidpaad

50 minuten (ôfhinklik fan it nivo en de keazen presintaasjeform). De presintaasjes kinne ek op oare mominten yn de wike dien wurde.

### Doelen

Dizze lesdoelen binne keppele oan doelen út it referinsjeramt en wurde automatysk ôffinkt.

- De learlingen kinne yn twatallen ûndersyksfragen betinke, antwurden opsykje, taken ferdiele en in presintaasje tariede (Yn Petear/A2/Kin in plan of idee foarlizze en beprate en ôfspraken meitsje).
- De learlingen kinne beskriuwe hoe't in attraksje fan de merke wurket (Sprekken/A2/Kin yn it koart beskriuwe hoe't hy/sy wat dwaan of meitsje moat of hoe't wat wurket en Sprekken/B1/Kin in heldere beskriuwing jaan).

Sjoch by 'Differinsjaasje' om te ûntdekkjen oan watfoar oare doelen oftst wurkje kinst mei dizze Taalaktiviteit.

### Tarieding

- Meitsje geskikte twatallen. Keppelje learlingen dy't it Frysk net as thústaal hawwe safolle mooglik oan learlingen dy't dat wol hawwe.
- De learlingen hawwe in kompjûter of tablet nedich foar it opsykjen fan de ynformaasje (ôfhinklik fan de keazen differinsjaasjedoelen ek foar de presintaasje).
- Tink nei oer it nivo fan útfiering fan de opdracht. By 'Differinsjaasje' steane trije nivo's wêrop't learlingen dizze Taalaktiviteit útfiere kinne.

### Beskriuwing

1. Knipperjende ljochten, muzyk en draaiende attraksjes: op de merke is in soad te belibjen. Wat fynsto it moaist?  
Lit de learlingen dêr koart oer prate mei harren skoudermaatsje of yn harren groepke. Ynventarisearje in pear antwurden.
2. Fertel de learlingen dat se ûndersyk nei in attraksje op de merke dwaan sille. Dêrfoar betinke de learlingen sels de ûndersyksfragen. Lis dêr mear oer út. Foarbylden fan geskikte ûndersyksfragen binne: Hoe sjocht de attraksje derút? Wêrom sjocht de attraksje der sa út? Foar wa is de attraksje bedoeld? Hoe is it mei de feilichheid?

In ûndersyksfraach begjint faak mei: hoe, wa, wat, wêr, wêrom, wannear en watfoar. Skriu de wurden dy't kursyf skreaun binne op it boerd, as stipe foar de learlingen. De antwurden op de ûndersyksfragen diele de learlingen yn in Fryske presintaasje mei harren klasgenoaten.

3. Diel de learlingen yn twatallen yn (sjoch 'tarieding').
4. De twatallen meitsje in kar foar in attraksje en betinke ûndersyksfragen. Bepaat mei de twatallen harren ûndersyksfragen. Binne it geskikte fragen en wêr geane se op syk nei it antwurd? Se kinne sykje op ynternet of yn boeken of minsken freegje dy't der ferstân fan hawwe.
5. De learlingen geane op syk nei de antwurden op harren ûndersyksfragen. De learlingen skriuwe de antwurden op. Se sykje ek in ôfbylding of filmke fan harren attraksje foar harren presintaasje.
6. De learlingen riede harren presintaasje ta. De learlingen betinke tegearre hoe't se de útkomsten fan it ûndersyk presintearje. Mei foto's, filmkes en tekst op it boerd? Of meitsje se de attraksje bygelyks sels nei? Wa fertelt wat? De presintaasje is yn it Frysk. De learlingen kinne de presintaasje ek oefenje.
7. De learlingen presintearje de útkomsten fan harren ûndersyk.
8. Besprek de opdracht nei mei de learlingen. Hoe wie it om ûndersyk te dwaan? Koene jim de ynformaasje fine? Wêr ha jim dy fûn? Hoe wie it om te presintearjen? Koene jim goed fertelle wat jim fertelle woene? Hoe gie it mei it Frysk? Hokker fan de attraksjes dy't jim sjoen ha yn de presintaasjes liket jim it moaist?

### Differinsjaasje

Mei dizze opdracht kin op trije nivo's wurke wurde. De doelen op nivo \* wurde automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt. Suggestjes foar oanbod op nivo \*\* en \*\*\* binne opsjoneel en wurde dêrom net automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt.

- Nivo \*: de learlingen kinne twa ûndersyksfragen betinke en beäntwurdzje en kinne mei stipe fan in ôfbylding beskriuwe hoe't de attraksje wurket. Der wurdt dan wurke oan de basisdoelen.
- Nivo \*\*: de learlingen kinne mear as twa ûndersyksfragen betinke en beäntwurdzje, se kinne mei stipe fan in ôfbylding of oar materiaal beskriuwe hoe't de attraksje wurket en kinne fertelle wat de attraksje bysûnder of spannend makket foar publyk. Dan wurdt der wurke oan de basisdoelen en oan Sprekken/B1/Kin yn it koart redenen en ferklearringen jaan foar mieningen.
- Nivo \*\*\*: de learlingen kinne mear as twa ûndersyksfragen betinke en beäntwurdzje, se kinne oan 'e hân fan in wiidweidige presintaasje mei ôfbyldingen (of oar materiaal) beskriuwe hoe't de attraksje wurket en kinne fertelle wat de attraksje bysûnder of spannend makket. Se sette de ûndersyksfragen en de antwurden dêrop yn it Frysk op papier. Dan wurdt der wurke oan de basisdoelen en oan Sprekken/B1/Kin yn it koart redenen en ferklearringen jaan foar mieningen en oan Skriuwen/B1/Kin feitlike ynformaasje gearfetsje.

Moedigje de learlingen oan om mei-inoar yn it Frysk oer te lizzen oer de opdracht. Frysktalige learlingen kinne sa learlingen dy't net-Frysktalich binne op in natuerlike wize helpe mei it



ferstean en praten fan it Frysk.

Stel hegere of legere easken oan de presintaasje yn it Frysk. As der yn groepkes wurke wurdt: hawwe alle learlingen in rol yn de presintaasje? Prate alle learlingen Frysk? Foar learlingen dêr't de praatdrompel noch te heech foar is, kin derfoar keazen wurde om net yn it Frysk te presintearjen. Dy learlingen wurkje dan net oan doelen op it mêd fan sprekken, mar wol oan taaldoelen op it mêd fan harkjen en ferstean.

### **Mear by dit tema**

- Sjong oer de merke.  
Sjong it ferske 'de merke' (sjoch 'ekstra'). Sjong mei it ferske mei of doch de karaokeferzje.
- Doch in spultsje oer de merke.  
Doch in memoryspultsje oer de merke (sjoch 'ekstra') en sykje de Fryske en Nederlânske wurden byelkoar.
- Lês oer de merke.  
Lit de learlingen sels teksten lêze oer de merke (sjoch 'ekstra').
- Besjoch in ôflevering fan Tsjek oer de merke.
- Bring in besite oan de merke.  
Dat kin as de merke draait, of krekt as de merke ticht is. Sa meitsje jim de belutsenheid fan de learlingen grutter. Miskien is der wol in meiwurker dy't jim wat mear fertelle wol oer it wurk en de attraksjes op 'e merke.

### **Evaluasje**

By dizze taalaktiviteit kin by de punten 4 o/m 6 it observaasjeinstrumint 'mûnling oerlis' ynset wurde. Meitsje in kar om learlingen yndividueel te observearjen of as twatal (brûk dan it ynstrumint foar it observearjen fan de groep). By punt 7 kin it observaasjeinstrumint 'presintaasje' ynset wurde.

De observaasjeinstruminten binne te finen by 'evaluaasjematerialen'. Brûk de observaasjes om de ûntjouwing fan de learlingen te folgjen en as feedback nei de learlingen ta. As guon items net yn te folgjen binne, lit dy dan leech.

## Projekten

# 23, 24, 25, 26. Om 'e tonne

Hantlieding foar de learkrêft

Yn Fryslân hawwe wy in oantal bysûndere sporten. Yn de projektopdracht ferdjipje de learlingen harren yn dy Fryske sporten en meitsje in Fryske ynformaasjeposter oer ien fan dy sporten.

### Doelen

Oan ûndersteande doelen wurdt wurke yn de projektopdracht fan dit tema. Dy doelen wurde ek oanfinkt yn it referinsjeramt.

### Skriuwen

- (op wei nei) A2 - Kin in koart stikje skriuwe neffens in fêst stramyn
- (op wei nei) B1 - Kin feitlike ynformaasje gearfetsje

### Tarieding

- Klik troch de Projektopdracht en de Nivo-opdrachten om dy te ferkennen.
- De learlingen sille in ynformaasjeposter meitsje oer in Fryske sport. Sammelje dêrfoar alfêst wat materialen ta ynspiraasje, lykas boeken út de biblioteek en links nei websiden mei ynformaasje oer Fryske sporten. Keatsen, fierljeppen, Frysk damjen en skûtsjesilen jilde oer it algemien as echte Fryske sporten. Reedriden, en dan benammen op de koarte baan, hat ek in lange Fryske tradysje, mar reedriden wurdt ek bûten Fryslân rûnom dien. Hynstesport dogge se ek op in soad plakken bûten Fryslân, mar de Fryske hynders jouwe dêr in typysk Frysk tintsje oan. Op it ynternet binne ek foarbylden te finen fan hoe't in ynformaasjeposter derútsjen kin.
- Tink nei oer de groepkes dêr't de learlingen mei oan 'e slach geane. Hoe grut wurde dy groepkes? Kies foar groepkes dy't grut genôch binne om ferskillende ideeën beprate te kinnen en lyts genôch om alle learlingen belutsen te hâlden. Kies foar heterogene groepkes op basis fan thústaal en taalnivo. De net-Frysktalige learlingen hawwe sa steun oan de Frysktalige learlingen.
- Tink alfêst nei oer de presintaasje fan de posters. Komme de posters yn de klasse te hingjen, sadat alle learlingen se besjen kinne en de teksten lêze kinne? Presintearje de learlingen harren poster foar de klasse?

### Beskriuwing

1. Iepenje mei de learlingen de 'Utlis' fan de Projektopdracht.  
Lês dy mei-inoar troch en praat oer Fryske sporten. Wat binne eins Fryske sporten? Hawwe de learlingen wolris in echte Fryske sport beoefene? Fan watfoar Fryske sport witte se it meast? Fan watfoar sport it minst?

2. Nim mei de learlingen it ûnderdiel 'Tarieding' troch.  
Dêryn steane tips foar it meitsjen fan de ynformaasjeposter. De poster bestiet út tekst en byld. De tekst jout ynformaasje oer de sport. Dy ynformaasje kinne de learlingen bygelyks sykje op ynternet of yn boeken. De 'Helpkaart – Mei-inoar sykje op ynternet' kin dêrby helpe. Dy helpkaart is te finen by 'Ekstra' yn dit Projekt. De tekst is yn it Frysk. Rjochtsboppe yn byld is in wurdboek te finen, dat helpe kin by drege wurden.
3. Besprek de planning.  
Fertel de learlingen wêr en wannear't se oan de opdracht wurkje meie. Wannear moat de poster klear wêze? Miskien binne der groepkes dy't deselde Fryske sport kieze foar harren poster. Is dat slim? Meitsje dêr ôfspraken oer.
4. Praat mei de learlingen oer de útfiering fan de opdracht.  
Hoe wurde de posters yn de klasse presintearre? Moatte de learlingen ek wat fertelle oer harren poster?
5. Lit de learlingen de nivo-opdrachten meitsje by it projekt. De nivo-opdrachten binne ferdjipjende (taal)opdrachten by it projekt. Learlingen binne oan 'e slach mei wurdskat oefeningen, teksten en filmkes dy't ynhâldlik passe by dit projekt. Der binne giele opdrachten foar de learlingen dy't minder thús binne yn it Frysk en blauwe opdrachten foar learlingen dy't better thús binne yn it Frysk. Giele en blauwe opdrachten binne basearre op itselde boarnemateriaal en kinne eventueel tagelyk útlein of besprutsen wurde.
6. Lit de posters oan inoar sjen.  
Lit de learlingen de posters besjen en de teksten lêze.
7. Praat nei de útfiering oer de opdracht. Hoe is it gien? Under 'Utfiering' yn de Projektopdracht steane in oantal fragen dy't dêrby helpe kinne.
8. Lit de learlingen de selsevaluaasje ynfolje. De selsevaluaasjes binne te finen by 'Ekstra' yn dit projekt. Der is in Fryske en in Nederlânske ferzje fan de selsevaluaasje. De learlingen kinne kieze hokker ferzje oft se ynfolje.

### Differinsjaasje

- Ofhinklik fan thústaal en taalnivo kinne der hegere of legere easken steld wurde oan it oantal en it nivo fan de teksten op de poster. Skriuwe de learlingen 'keatswant' of skriuwe se 'Keatswant: dit brûkst ast yn it perk stiest en de bal sa fier mooglik út it perk slaan wolst'?
- As jim mei dit Projekt ek wurkje wolle oan doelen foar it sprekken, dan kinne de learlingen ek fertelle oer harren posters. Stel dan easken oan it oerlis en de presintaasje fan de poster yn it Frysk. Foar learlingen dêr't de praatdrompel noch te heech foar is, kin derfoar keazen wurde om net yn it Frysk oer te lizzen of te presintearjen. Dy learlingen wurkje dan net oan doelen op it mêd fan sprekken en yn petear gean, mar wol oan taaldoelen op it mêd fan harkjen en ferstean.
- Yn stee fan in poster op papier kin der ek in digitale presintaasje makke wurde, sa as in PowerPoint of in Prezi.
- Om dit Projekt noch mear betsjutting te jaan, kin as ferfolch hjirop ek yn de gymnastyklessen oandacht jûn wurde oan Fryske sporten.

### Evaluasje

Nei de útfiering fan de projektopdracht kinne de learlingen in selsevaluaasje oer de

opdracht ynfolje. De selsevaluaasje kin yn it Frysk en yn it Nederlânsk makke wurde. De selsevaluaasjes binne te finen ûnder 'Ekstra' yn dit projekt.

Stavering en skriuwen

## De letters mei in kapke

Hantlieding foar de learkrêft

Yn dizze les leare de learlingen de staveringsregels dy't by de letters mei in kapke hearre. Se oefenje mei staveringsopdrachten en skriuwe in koarte tekst.

### Regels

De regels dy't by de letters mei in kapke hearre binne:

- In kapke op de o jout oan de klank lang is. Wurden mei ô moast út e holle leare.
- In kapke op de e jout oan dat de klank lang is.
- In kapke op de a jout oan dat de klank lang is.
- Foar de -ld en -lt skriuwst altyd in â.
- Foar de -n skriuwst altyd in â.

### Tarieding

Soargje derfoar dat de apparatuer klear stiet dêr't de learlingen de les op meitsje kinne. Nim de les sels fan te foaren troch. De les is te finen by de learmiddelen yn Spoar 8. Klik by Meunstertún op 'Oefenmateriaal Stavering' en kies 'De letters mei in kapke.' Plan de les yn foar de learlingen troch op de knop 'Ynplanne' rjochtsboppe te klikken.

### Beskriuwing

1. Yntrodusearje de regel. Dat kin troch klassikaal it begjin fan de les op it digiboerd te besjen.
2. De learlingen geane selsstanning oan de slach mei de opdrachten.
3. As de opdrachten klear binne, kinne de learlingen oan 'e slach mei de edukative game 'Meunstertún' oer wurdskat, stavering en grammatika.

### Differinsjaasje

- As it dreech is om selstannich oan it wurk te gean mei de opdrachten, kinne de opdrachten ek yn in twatal makke wurde of lit learlingen dy't mear ynstruksje nedich hawwe mei-inoar by de ynstruksjetafel sitte.

### Let op!

It learen fan de stavering stiet yn tsjinst fan it skriuwen fan teksten. De staveringslessen hawwe ta doel dat learlingen harren better fertroud fiele mei it skriuwen fan Fryske teksten en dat de kwaliteit fan dy eigenskreaune Fryske teksten omheech giet. Ferbyn staveringslessen sa folle mooglik oan teksten. Lit de learlingen geregeld sels teksten sels skriuwe en keppelje dêroan it oefenmateriaal foar de stavering. Wiis learlingen by it skriuwen en neisjen fan de tekst nochris op de staveringsregels dêr't sy mei oefene hawwe.

## Sichtber yn 'e klasse

### Wurdlist letters mei in kapke

wêze	kontrôle
nêst	kâld
stêd	hân
bôle	brân
genôch	sân

### By it skriuwen fan teksten

#### De skriuwopdracht

Dizze opdracht kin hielendal los oanbean wurde fan boppesteande staveringsles.

- Kies in kreative opdracht en fertel de learlingen dat sy yn it Frysk skriuwe sille. As learlingen harren net fertroud fiele ('ik kin net Frysk skriuwe') wiis harren der dan op dat it giet om it kreative proses en de ynhâld fan de tekst en yn earste ynstânsje net om de korrekte stavering. Sjoch 'Differinsjaasje' foar mear mooglikheden.
- Lit de learlingen earst in breinstoarm dwaan. Wêr tinke se oan by it ûnderwerp en de opdracht? Wat wolle se brûke yn harren ferhaal? Lit se in kladferzje meitsje fan harren tekst.
- As de learlingen tefreden binne oer de earste ferzje fan de tekst, kinne sy nei de stavering sjen. Wat hawwe sy oefene yn de staveringsles? Is dat yn de tekst ek goed gien? Lit se der eventueel mei syn twaën nei sjen. Ferbetterje de flaters en skriuw de lêste ferzje fan de tekst.
- De teksten binne klear! Suggestjes: Lit de learlingen de tekst oan elkoar foarlêze, meitsje fan de teksten in boekje, bewarje de teksten yn in ferhaleskrift, publisearje de teksten yn de skoalkrante of yn in nijsbrief nei âlders of hingje de teksten op yn 'e klasse. Dit is fansels ek ôfhinklik fan de soarte tekst dy't skreaun is.

#### Differinsjaasje

As it skriuwen yn it Frysk dreech is, lit de learlingen dan yn twatalen wurkje. Frysktalige learlingen kinne net-Frysktalige learlingen helpe mei de Fryske wurdskat, talige learlingen kinne minder talige learlingen helpe mei it linich omgean mei wurden en sinnen en kreative learlingen kinne minder kreative learlingen helpe mei ideeën en foarmen.

As net alle learlingen harren fertroud fiele mei it skriuwen yn it Frysk, kinne (guon) learlingen de skriuwopdracht ek yn harren eigen taal dwaan (Nederlânsk of in oare taal). Lit de learlingen dy't it ferhaal net yn it Frysk skreaun hawwe de tekst oersetten mei help fan ynternet. De website [www.frysker.nl](http://www.frysker.nl) hat de mooglikheid om teksten oer te setten fan it Nederlânsk yn it Frysk. Lit de learlingen de Fryske ferzje opskriuwe of útprintsje. Lit se yn de Fryske tekst op syk gean nei wurden dy't passe by de staveringsregel dêr't sy mei oefene hawwe.

## 28. Wat is it hjir moai!

Hantlieding foar de learkrêft

De learlingen geane op syk nei bysûndere plakken yn harren eigen wenplak en meitsje in rûte mei allegear bysûnderheden.

### Tiidpaad

Twa kear 40 minuten (brek de aktiviteit ôf as der oan punt 4 wurke wurdt).

### Doelen

Dizze lesdoelen binne keppele oan doelen út it referinsjeramnt en wurde automatysk ôffinkt.

- De learlingen kinne in koart stikje skriuwe oer in bysûnder plak yn eigen doarp of stêd (Skriuwen/A2/Kin in koart stikje skriuwe neffens in fêst stramyn).
- De learlingen kinne fertelle oer harren rûte (Sprekken/A2/Kin wat fertelle, Sprekken/B1/Kin mieningen en reaksjes beskriuwe).
- De learlingen kinne meielkoar oerlizze en in plan meitsje (Yn Petear/A2/Kin in plan of idee foarlizze en beprate en ôfspraken meitsje).

Oare doelen dêr't mei dizze taalaktiviteit ek oan wurke wurde kin, binne neamd by 'Differinsjaasje'.

### Tarieding

- Meitsje geskikte twatalen (nivo \*) of groepkes (nivo \*\*/\*\*\*) op basis fan taalnivo en thústaal. Om it oerlis yn it Frysk te stimulearjen, kin it helpe om de Frysktalige learlingen te ferdielen oer de groepkes.
- Yn de beskriuwing fan de Taalaktiviteit en by 'Differinsjaasje' binne de trije nivo's beskreaun. Kies it nivo dat past by jim groep.
- Sykje in plattegrûn fan de eigen omjouwing (bgl. op [maps.google.com](https://maps.google.com)) om sjen te litten by de yntroduksje. Soargje foar printe ferzjes foar de learlingen om te brûken foar de opdracht. Skriuw der eventueel nammen fan werkenbere plakken by (sa as de skoalle of supermerk).

### Beskriuwing

1. Yntroduksje fan de taalaktiviteit.

As minsken op fakânsje geane nei in plak dêr't se noch nooit west hawwe, dan geane se der faak op út om de omjouwing te besjen. Sa ûntdekke se allegear bysûndere dingen yn dat plak. De learlingen sille op syk gean nei de bysûndere dingen yn harren eigen plak.

2. Lis de opdracht oan de learlingen út.

De bern sille yn twatalen of groepkes wurkje en meitsje in kuierrûte of fytsrûte troch

harren eigen wenplak. Dy rûte jouwe se oan op in plattegrûn (bygelyks mei in stift yn in felle kleur). Op de plattegrûn jouwe se bysûndere plakken oan (tink dêrby oan in boarterstún, stânbyld of swimbad) mei in nûmer of letter. By it nûmer of de letter komt op in apart stik papier in foto en in koart ferhaaltsje (ôfhinklik fan it nivo) oer wat dêr te dwaan is en wêrom't it in bysûnder ding of plak is.

3. Diel de learlingen yn (sjoch tarieding) en lit harren yn de twatallen of groepkes neitinke oer bysûndere dingen yn harren wenplak.  
Foar nivo \* meitsje de learlingen earst yn twatallen in list mei bysûndere dingen. Dêrnei ynventarisearret de learkrêft de antwurden en makket dy in grutte list op it boerd. De bysûndere dingen wurde oer de twatallen ferdielt. De learkrêft jout op de plattegrûn mei in letter of sifer de bysûndere plakken oan en set de rûte út. Foar nivo \*\*/ \*\*\* meitsje de learlingen sels in list fan bysûndere dingen en meitsje se meielkoar in kar wat der op harren plattegrûn komt en wat yn harren rûte past. Foar nivo \*\*\* sjogge learlingen spesjaal nei de skiednis fan harren wenplak.
4. De learlingen skriuwe in pear goede sinnen by foto's fan de bysûndere plakken. De foto's kinne se fan ynternet helje of sels meitsje. Dêrby sykje se ynformaasje en skriuwe se in koarte tekst. Lit eventueel in foarbyld sjen. De koarte beskriuwingen komme op in apart plak by de plattegrûn. De learlingen kinne gebrûk meitsje fan in Frysk wurdboek foar it opsykjen fan wurden en de stavering (bgl. [www.frysker.nl](http://www.frysker.nl)).
5. De learlingen fertelle elkoar oer harren rûte.  
Fertel elkoar oft it in fyts- of kuierrûte is en wat de hichtepunten binne. Fergelykje de ferskillende rûtes en de lêsberens fan de ferskillende kaarten. Wat makket in kaart wol of net dúdlik? Hoe wie it om in koarte beskriuwing by de moaiste plakjes te betinken? Hoe gie it mei it Frysk?  
Lit de toeristen mar komme! Of sille de learlingen de rûte sels rinne of fytse? .

### Differinsjaasje

Yn de beskriuwing wurdt de mooglikheid jûn om op trije nivo's mei dizze opdracht dwaande te wêzen. De doelen op nivo \* wurde automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt. Suggestjes foar oanbod op nivo \*\* en \*\*\* binne opsjoneel en wurde dêrom net automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt.

- Nivo \*: De klasse makket meielkoar ien of twa plattegrûnen mei bysûndere plakken. De plakken wurde ferdielt oer de twatallen yn de klasse. De learlingen kinne ûnder in foto skriuwe wat it is en wêrom't it bysûnder is. Der wurdt wurke oan de doelen dy't boppe dizze taalaktiviteit steane.
- Nivo \*\*: De klasse wurdt ferdielt yn groepkes fan 4-5 learlingen. Elk groepke betinkt syn eigen bysûndere plakken, jout op in plattegrûn oan wat de bysûndere plakken binne en set in rûte út op de plattegrûn. By foto's skriuwe de learlingen wat it is, wat dêr te dwaan/sjen is en wêrom't it bysûnder is.  
By dit nivo wurdt selsstanniger wurke oan: Yn Petear/A2/Kin in plan of idee foarlizze en beprate en ôfspraken meitsje.
- Nivo \*\*\*: De klasse wurdt ferdielt yn groepkes fan 4-5 learlingen. Elk groepke betinkt syn eigen bysûndere plakken, jout op in plattegrûn oan wat de bysûndere plakken binne en set in rûte út. De learlingen dogge ûndersyk nei de histoarje fan it doarp/de stêd en sykje út watfoar bysûndere plakken by de histoarje hearre. Yn elk gefal hat ien bysûnder plak op



de plattegrûn wat te krijen mei de histoarje fan it doarp/de stêd. By foto's skriuwe se wat it is, wat dêr te dwaan/sjen is en wêrom't it bysûnder is.

As der op dit nivo wurke wurdt, dan wurdt der ek wiidweidiger wurke oan de doelen Yn Petear/A2/Kin in plan of idee foarlizze en beprate en ôfspraken meitsje en Lêzen/A2/Kin yn ienfâldige, alledeiske teksten spesifike, foarsisbere ynformaasje fine dy't hy/sy nedich hat.

Besjoch per twatal of groepke op watfoar nivo oft se dizze opdracht dwaan kinne.

Stimulearje de learlingen om yn it oerlis oer de opdracht Frysk mei-inoar te praten, om sa te wurkjen oan de 'yn petear'-doelen. Daagje Frysktalige learlingen út om harren taal fêst te hâlden, ek as sy gearwurkje mei learlingen dy't net Frysktalich binne. Op dy manier helpe sy net-Frysktalige learlingen by it harkjen en ferstean fan it Frysk.

Foar learlingen dêr't de praatdrompel noch te heech foar is, kin derfoar keazen wurde om net Frysk te praten yn it oerlis. Sy wurkje dan net oan doelen op it mêd fan yn petear gean, mar wol oan doelen op it mêd fan harkjen en ferstean fan it Frysk, troch it Frysk fan de oare learlingen.

Meitsje de plattegrûn better lêsbere mei kleuren en in leginda. Lit de learlingen mear (nuttige of werkenbere) plakken yn de plattegrûn sette mei in letter, sifer of piktogram. Se kinne wetter, diken, grien of gebouwen ek in eigen kleur jaan. De betsjutting sette se fansels yn de leginda.

Kombinearje dizze taalaktiviteit mei wrâldoriïntearjende fakken, lykas skiednis en geakunde. Jou dan bygelyks ekstra oandacht oan bysûndere histoaryske plakken en gebouwen yn de omjouwing.

Of doch it oarsom: miskien is der yn de buert fan de skoalle wol in (Frysktalige) saakkundige dy't wat fertelle kin oer bysûndere plakken yn de omjouwing. Rin of fyts mei de klasse in rûte mei de saakkundige. Achterôf kin de rûte, mei de bysûndere plakken, op in plattegrûn setten wurde.

### **Evaluasje**

By de stappen 3 en 4 kin it observaasjeinstrumint 'mûnling oerlis' ynset wurde (sjoch 'evaluaasjematerialen'). Meitsje in kar om learlingen yndividueel te observearjen of as groepke. It observaasjeinstrumint 'skriftlik ferslach' kin ynset wurde om it skriftlik wurk fan de learlingen fan feedback te foarsjen.

Brûk de observaasje om de ûntjouwing fan de learlingen te folgjen en as feedback nei de learlingen ta. As guon punten net yn te folgjen binne, lit dy dan leech.

## 29. Lêsbegryp - toets ein groep 6

Hantlieding foar de learkrêft

Mei de Lêsbegryptoetsen krigest grip op de Fryske lêsbegrypfeardigens. Brûk de toetsen om in yndruk te krijen fan it ynstapnivo én de fuortgong fan de learlingen. Dat kin helpe om it Fryske les oanbod op de learling(en) ôf te stimmen.

### Foar wa?

- Foar groep 5 o/m 8 yn it basisûnderwiis is der in Starttoets, Eintoets en opsjonele Tuskentoets. De toetsen slute oan by de referinsjenivo's A2.1 o/m B1.2 út it referinsjeramt Frysk.

### Organisaasje

Nim de A2.2 Eintoets foar groep 6 ôf oan de ein fan it skoaljier. De toets tsjinnet as einmjitting om de fuortgong fan de learlingen yn kaart te bringen en is kwa dregens ferlykber mei de Starttoets.

De toets duorret 30 minuten en bestiet út twa teksten mei yn totaal sa'n 20 fragen.

### Evaluasje

Il'n skoare tusken de 58% en 78% jout oan dat in learling it nivo fan de toets behearsket.

Stavering en skriuwen

## De letters ei

Hantlieding foar de learkrêft

Yn dizze les leare de learlingen de staveringsregels dy't by de letters ei hearre. Se oefenje mei staveringsopdrachten en skriuwe in koarte tekst.

### Regels

De regels dy't by de letters ei hearre binne:

- Wurden mei ei moast út e holle leare.

### Tarieding

Soargje derfoar dat de apparatuer klear stiet dêr't de learlingen de les op meitsje kinne. Nim de les sels fan te foaren troch. De les is te finen by de learmiddelen yn Spoar 8. Klik by Meunstertún op 'Oefenmateriaal Stavering' en kies 'De letters ei.' Plan de les yn foar de learlingen troch op de knop 'Ynplanne' rjochtsboppe te klikken.

### Beskriuwing

1. Yntrodusearje de regel. Dat kin troch klassikaal it begjin fan de les op it digiboerd te besjen.
2. De learlingen geane selsstanning oan de slach mei de opdrachten.
3. As de opdrachten klear binne, kinne de learlingen oan 'e slach mei de edukative game 'Meunstertún' oer wurdskat, stavering en grammatika.

### Differinsjaasje

- As it dreech is om selstannich oan it wurk te gean mei de opdrachten, kinne de opdrachten ek yn in twatal makke wurde of lit learlingen dy't mear ynstruksje nedich hawwe mei-inoar by de ynstruksjetafel sitte.

### Let op!

It learen fan de stavering stiet yn tsjinst fan it skriuwen fan teksten. De staveringslessen hawwe ta doel dat learlingen harren better fertroud fiele mei it skriuwen fan Fryske teksten en dat de kwaliteit fan dy eigenskreaune Fryske teksten omheech giet. Ferbyn staveringslessen sa folle mooglik oan teksten. Lit de learlingen geregeld sels teksten sels skriuwe en keppelje dêroan it oefenmateriaal foar de stavering. Wiis learlingen by it skriuwen en neisjen fan de tekst nochris op de staveringsregels dêr't sy mei oefene hawwe.

## Sichtber yn 'e klasse

### Wurdlist letters mei ei

ein	trein
snein	fleis
geit	seis
rein	eilân
wein	heit

### By it skriuwen fan teksten

#### De skriuwopdracht

Dizze opdracht kin hielendal los oanbean wurde fan boppesteande staveringsles.

- Kies in kreative opdracht en fertel de learlingen dat sy yn it Frysk skriuwe sille. As learlingen harren net fertroud fiele ('ik kin net Frysk skriuwe') wiis harren der dan op dat it giet om it kreative proses en de ynhâld fan de tekst en yn earste ynstânsje net om de korrekte stavering. Sjoch 'Differinsjaasje' foar mear mooglikheden.
- Lit de learlingen earst in breinstoarm dwaan. Wêr tinke se oan by it ûnderwerp en de opdracht? Wat wolle se brûke yn harren ferhaal? Lit se in kladferzje meitsje fan harren tekst.
- As de learlingen tefreden binne oer de earste ferzje fan de tekst, kinne sy nei de stavering sjen. Wat hawwe sy oefene yn de staveringsles? Is dat yn de tekst ek goed gien? Lit se der eventueel mei syn twaën nei sjen. Ferbetterje de flaters en skriuw de lêste ferzje fan de tekst.
- De teksten binne klear! Suggestjes: Lit de learlingen de tekst oan elkoar foarlêze, meitsje fan de teksten in boekje, bewarje de teksten yn in ferhaleskrift, publisearje de teksten yn de skoalkrante of yn in nijsbrief nei âlders of hingje de teksten op yn 'e klasse. Dit is fansels ek ôfhinklik fan de soarte tekst dy't skreaun is.

#### Differinsjaasje

As it skriuwen yn it Frysk dreech is, lit de learlingen dan yn twatallen wurkje. Frysktalige learlingen kinne net-Frysktalige learlingen helpe mei de Fryske wurdskat, talige learlingen kinne minder talige learlingen helpe mei it linich omgean mei wurden en sinnen en kreative learlingen kinne minder kreative learlingen helpe mei ideeën en foarmen.

As net alle learlingen harren fertroud fiele mei it skriuwen yn it Frysk, kinne (guon) learlingen de skriuwopdracht ek yn harren eigen taal dwaan (Nederlânsk of in oare taal). Lit de learlingen dy't it ferhaal net yn it Frysk skreaun hawwe de tekst oersetten mei help fan ynternet. De website [www.frysker.nl](http://www.frysker.nl) hat de mooglikheid om teksten oer te setten fan it Nederlânsk yn it Frysk. Lit de learlingen de Fryske ferzje opskriuwe of útprintsje. Lit se yn de Fryske tekst op syk gean nei wurden dy't passe by de staveringsregel dêr't sy mei oefene hawwe.